

[1639] Wat de dichter witte moat. Filosofyske fasetten fan Obe Postma syn dichterskip

Jabik Veenbaas

***Abstract.** In this article several philosophical aspects of the poetry of the Frisian poet Obe Postma 1927 are considered. Earlier critics held out that Postma's treatment of the sublime was essentially kantian. However, a closer look proves that Postma was a romantic rather than a kantian. Postma's treatment of the sublime is not characterized by rationality and by transcendental distance, but by feeling and transcendent proximity. Postma's recurring theme of poetry as the mediating and connecting force of the world may also have been inspired by the romantics. And around 1922 he probably found the validity of this theme confirmed and reinforced when he read *Lebensanschauung* by the vitalistic philosopher Georg Simmel. In one of his notebooks he made an extract of this book in which he records the idea that people have the power to transcend their lives in their awareness of the possibilities and boundaries of their own knowledge. In the brilliant poem 'Wat de dichter witte moat' ('What the poet must know') we see the outcome of his philosophical-poetical quest, when we notice how he compares his own knowledge of the world to that of the great German poet Rilke and full of confidence states that he may have grown up 'in the surveyable/Community of the village', but has known miracles that Rilke never knew. This poet knows enough.*

1. Ynlieding

En as it wêze mocht dat er de nachten net koe, dêr't Rilke fan spriek,
En net nêst de frou wie as hja it libben brocht,
Soe it him wat jaan dat er yn syn jonkheid wûnders belibbe hie?¹

Sa geane de earste trije rigels fan Postma syn gedicht 'Wat de dichter witte moat', dat yn syn oeuvre in bysûnder plak ynnimt. It is in hiel programma-tysk fers, in fers mei in útsprutsen poëtikaal boadskip, en dêrom in kaaifers.

1. Postma, *Samle fersen*, s. 167.

Postma publisearre it yn 1927, dat wie it jier dat er 59 waard. De dichter funksjonearre hjir op de toppen fan syn kinnen.

‘Wat de dichter witte moat’: dy titel seit op himsels al it ien en oar. De freegjende foarm wurdt hjir mei reden weilitten. Sa jout de dichter dalik al oan dat de fraach foar him gjin fraach mear is, dat er it antwurd wit. Hjir sprekt in man mei in oertsjûging, in man mei selsbetrouwen, mei ynderlike wissichheid.

Sânentweintich jier earder, yn it jier 1900, publisearre er syn earste gedichten yn letterkundige tydskriften. Se gongen benammen oer Fryslân, oer Fryske minsken, en hiene faak in weemoedige toan. Postma identifisearre him mei Fryslân, lykas er sels sei yn syn gedicht oer ‘*De Rimen en teltsjes fan de bruorren Halbertsma*’. Lês de fjirde strofe mar ris, dêr’t er it boek fan de Halbertsma’s mei ‘do’ oansprekt:

Mar mear noch bist’ my no: it hiele libben
Fan Fryslân joust ’my en fan ’t folts de siele,
Yn dy fyn ik my sels, myn honk en sibben
En wa kin ’t frjemde lyk as eigen fiele?²

Philippus Breuker skriuwt yn syn resinte biografy fan Postma dat it sublime wjerfarren ‘it alfa en omega’ fan Postma syn poëzij is.³ Dat liket my wat te sterk útdrukt, mar ik tink wol dat Breuker hjir in Leitmotif te pakken hat. It tilt yn Postma syn iere poëzij yn alle gefallen op fan de jeugdûnderfiningen dy’t delsetten wurde yn in ferheven ljocht. ‘O sjoch dochs, o hark, o nim no dyn swiet/ Fan it ivige lok silsto fiele!’ hearre we him sizzen yn it fers ‘ ‘t Wie snein’.⁴

2. *And hear the mighty waters*

Breuker ferbynt Postma syn tematyk fan it sublime ûnder mear mei de dichter William Wordsworth, ien fan de grutte pioniers fan de Ingelske roman-tyk. Al om 1902 hinne hie Postma, lykas wy yn Breuker syn biografy lêze kinne, passaazjes fan Wordsworth sels oerskreaun yn ien fan syn ferneamde skriften. Breuker hat it dan oer passaazjes út it kaaifers ‘*Intimations of Immortality from recollections of early childhood*,’ mar hy lit dêr apart genôch in nuânse wei dy’t er wol neamde yn syn ynaugurale rede *Postma als auteur van het sublieme*, nammentlik dat Postma yn it skrift yn kwestje ek in pas-

2. Idem, s. 18.

3. Breuker, *Dreaun fan ierde’ dream*, s. 185.

4. Idem, s. 28.

saazje oanhellet út *The Excursion*, in langer epos fan de Ingelske dichter. Postma notearret de titel fan dat wurk ek, en sitearret de rigels 202-210 út boek I, ‘The Wanderer’. Postma hat sa’t skynt dus ek dat grutte epos fan Wordsworth lêzen, en mooglik wol folle mear.

Yn it gedicht ‘Intimations of Immortality...’ giet it om ûnderfiningen út de jonkheid, dy’t yn in letter stadium op ’e nij belibbe wurde. Yn de passazje út *The Excursion* leit it oars. Dêr wurdt ferhelle hoe’t in op-groeierende jonge him fernuveret oan in natuerûnderfining, dy’t him dalik, dus net letter, ferheft boppe dy ûnderfining sels. Hy stiet op in heech punt, en fan dat hege punt ôf sjocht er de sinne opkommen, hy sjocht de see en de ierde, en de wolken. Yn de gesichten fan dy wolken lêst er dan ‘Unutterable love’, ‘ûnsibere leafde’, en nei de passazje dy’t Postma oanhellet stiet der yn it oarspronklike gedicht fan Wordsworth noch dit:

Rapt into still communion that transcends
The imperfect offices of prayer and praise,
His mind was a thanksgiving to the power
That made him; it was blessedness and love!⁵

De sublimearring dêr’t it hjir oer giet, is dus blykber net ôfhinklik fan in werbelibjen fan ûnderfiningen út ’e jeugdjierrren. De al wat âldere jonge ûndergiet ‘sillichheid en leafde’ op it stuit dat er de natuerûnderfining hat.

It is oars ek de muoite wurdich om noch wat fierder yn de ‘Intimations of Immortality’ te lêzen. Dat fers befettet in platoanysk affiliearre motyf. ‘Our birth is but a sleep and a forgetting’ skriuwt Wordsworth. By ús berte ferjitte wy de godlike wrâld dêr’t wy wei komme, mar as bern hâlde we der noch wat fan fêst. In fonkje fan dy gloarjewrâld bliuwt ús ek letter yn ús libben by. En Wordsworth makket dan gebrûk fan dizze metafoar:

Though inland far we be,
Our souls have sight of the immortal sea
Which brought us hither,
Can in a moment travel thither,
And see the children sport upon the shore,
And hear the mighty waters rolling evermore.⁶

De see as metafoar foar de godlike wrâld dy’t de minske by syn berte efter him lit: komt dat ús as Postma-lêzers net bekend foar?

5. Wordsworth, *Complete Poetical Works*, s. 593.

6. Idem, s. 194.

De bern dream' oer har bûnte print
De kleur'ge wrâld fan prins en fee,
En weagje yn har lichte boat
In reis nei ûnbekende see.⁷

Sa giet de lêste strofe fan it prachtige gedicht 'Jûn': soe de see dêr't de bern harren hinne weagje net dyselde 'immortal sea' wêze dêr't se weikomme? Of tink ris oan de slotstrofe fan it gedicht 'Ein':

Ferstoarne geslachten' wêzens skyn
Stiet bûten tiid en stee.
De weagjende siele naam har op;
Sa jou dy oer oan de see.⁸

Soe Postma dy see-metafoar oan Wordsworth ûntliend hawwe? En soene faaks Postma syn stream-metafoaren ek by him weikomme?

We treffe Wordsworth nochris oan yn de skriften fan Postma. Yn 1915 of letter, ik gean no even ôf op de datearring fan Breuker, skreau er in parafraze fan W. Knight oer fan de definysje dy't Wordsworth yn it foaropwurd fan de *Lyrical Ballads* joech fan de poëzij as sadanich. 'I have said that poetry is the spontaneous overflow of powerful feelings: it takes its origin from emotion recollected in tranquillity,' skreau Wordsworth dêr. It twadde diel fan de sin wurdt faak oerslein, wylst dat wêzentlik is. Ik meitsje it sitaat noch even ôf:

... the emotion is contemplated till by a species of reaction the tranquillity gradually disappears, and an emotion, kindred to that which was before the subject of contemplation, is gradually produced, and does itself actually exist in the mind. In this mood successful composition generally begins, and in a mood similar to this it is carried on; but the motion, of whatever kind and in whatever degree, from various causes is qualified by various pleasures, so that in describing any passions whatsoever, which are voluntarily described, the mind will upon the whole be in a state of enjoyment.⁹

Yn de oertinking fan de oarspronklike emoasje ûntstiet in nije emoasje, dy't liket op de earste, mar freugde wurdt, ferheffing. Dat liket wol de kern fan de ûnderfining sa't we dy by de iere Postma oantreffe.

7. Postma, *Samle fersen*, s. 185.

8. Idem, s. 223.

9. Wordsworth en Coleridge, *Lyrical Ballads*, s. 307.

3. *Earder romantikus as kantiaan*

Mar it aparte is dan wol dat Wordsworth it yn dy passaazje net hat oer it 'sublime', mar oer de poëzij as sadanich: 'I have said that poetry is...'. En dat bringt ús op in definysjefraach: wat is no dat sublime by Wordsworth krekt? It nijsgjirrige is dat der in fragmint bewarre bleaun is fan in essay dêr't Wordsworth wiidweidich oer it sublime skreaun hat. It hyt 'The Sublime and the Beautiful' en lykas de titel oanjout, hat Wordsworth it dêr oer beide begripen. Abe de Vries ferwiist nei it fragmint yn 'Eros yn 'e greide III', ien fan de stikken út syn essaybondel en blomlêzing *It sil bestean*.

Wordsworth definiearret it sublime yn dat essay neffens Kant, sa't de Vries goed sjocht, mar hy docht dat loswei en sloarderich, en it is, tinkt my, saak om hjir dochs even werom te gean nei Kant sels. Dy ûnderskiedt yn syn tredde kritek, de *Kritek fan it oardielsfermogen*, twa typen fan it sublime, of fan it ferhevene: it matematysk ferhevene en it dynamysk ferhevene. It earste type aktivearret de teoretyske rede fan de minske. It stelt him yn steat om as er troch yndrukwekkende objekten oerweldigende wurdt, dy oerweldiging om te setten yn wat posityfs: om syn ûnderfining te pleatsen yn in doelmjittich totaalperspektyf. It twadde type aktivearret de praktyske rede: as de minske lytsman makke wurdt troch benammen natuerûnderfiningen, lykas dy fan de oseaan dy't yn stoarmgeweld op de kust slacht, dan hat er de mooglikheid om himsels ynderlik boppe de natuer te ferheffen, trochdat er him bewust wurdt fan syn morele frijheid.

Ik haw hjir wat langer stilstien by it ûnderskied dat Kant sels makket, omdat hjir elemintêre filosofy op it aljemint komt. Kant syn behanneling fan it sublime of ferhevene wiist nei syn dualisme. Yn Kant syn filosofysk systeem is sprake fan twa wurkfjilden, dat fan de teoretyske en dat fan de praktyske rede, dat fan de natuer en dat fan de frijheid. Ik kom hjir dalik op werom.

Mar ik gean earst noch even nei it debat oer it sublime by Postma. De Vries konstatearret yn syn stik mei rjocht dat we it sublime sa't Wordsworth it definiearret, net wêromfine by Postma. De poëtika fan de iere Postma slút, lykas ik eins al fêststelde, folle mear oan by de algemiene poëtika fan Wordsworth sels, dêr't dat Kantiaanske sublime amper of net yn wêrom te finen is, de poëtika fan de 'overflow of powerful feelings recollected in tranquillity'.

Betsjut dat no dat Breuker ûngelyk hat as er Postma as auteur fan it sublime kwalifisearret? It leit, bin ik bang, noch wat yngewikkelder. It begryp fan it sublime sels ûndergie yn de tiid fan de romantyk en yn de lettere kritek op de romantyk in ûntjouwing, dy't ynhâlde dat de needsaak fan de oer-

dondering, de fernedering, it negative, weifoel en dat it sublime him fermong mei de skientme, wylst it elemint fan de ferheffing boppe it deistige en ierdske wol in wêzentlik bestanddiel bleau. Breuker hat dus net ûngelyk as er Postma in auteur fan it sublime neamt, mar hy sjocht net goed genôch nei de ûntjouwing dy't dat begryp trochmakke en hy ferbynt dat sublime, lykas De Vries al oanjout, te maklik mei Kant. 'Door en door Kantiaans gevormd' neamt er Postma yn syn rede. En yn syn biografy seit er dan ek nochris dat Postma syn oantekeningen út de neo-kantiaan Cohen 'streek-rjocht te sjen binne as de grûnslach fan it tinken en fielen dat [Postma] syn iere poëzij bepaalt'¹⁰

No haw ik dy oantekeningen fan Postma besjoen. We fine se yn Skrift 37, op de siden 6 en 7. De oantekeningen foarmje wat koarte, neutrale opmerkingen oer it earste haadstik fan Cohen syn boek *Kant's Theorie der Erfahrung*, dêr't Cohen min ofte mear gearfettet wat Kant seit oer romte en tiid yn de *Kritik der reinen Vernunft*. Se steane gewoan tusken oare oantekeningen út neislachwurken yn en beslane mar oardel skriftside. Ik tink dat Postma dizze passaazje selektearre omdat er him yndertiid yngeand dwaande hâldde mei de grûnslagen fan de wiskunde en de natuerwittenskip en omdat Kant no ien kear in auteur wie dy't dêr belangrike en ynfloedrike dingen oer sein hie. Ek it koarte úttreksel dat Postma yn Skrift 34 makke fan Kant syn *Prolegomena* wiist dêr op. Yn dat boek stiet Kant syn fundearring fan wiskunde en natuerwittenskippen sintraal.¹¹ Nearne blykt dat Kant syn ontologyske systematyk as gehiel Postma doedestiids bûtenwenstich ynteressearre. Ik tink dat Breuker him op it belang fan dizze oantekeningen fersjocht en ik tink ek dat Postma yn wêzen earder romantikus wie as kantiaan.

Opfallend yn dat ferbân is it feit dat Breuker it yn syn ynaugurale rede konsekwint hat oer it 'transcendent idealisme' fan Kant. In kapitaal fersin, want de kearn fan Kant syn kenteory bestiet no just yn de prinsipiële ôfwizing fan de mooglikheid om it transindinte te berikken.

Kant is kenteoretysk in agnostikus: it is neffens Kant foar de minske net mooglik om it wêzen fan de dingen, it Ding an Sich, te kennen. Fan begripen as God en de siele, dêr't de âlde dogmatisy it bestean fan mienden te bewizen, bliuwt by him neat oer as 'transindintale ideeën', dat wol sizze begripen dêr't we it bestean net fan bewize kinne, begripen dy't op syn heechst brûkber binne om ús tinken rjochting te jaan. Dêrom is Kant in transindin-

10. Breuker, *Dreaun fan ierde' dream*, s. 162.

11. Skriften Obe Postma: plaknûmer 200-03 Tresoar, resp. nr. 37, ss. 6-7 en nr. 34, ss. 13-

taal idealist en gjin transindint idealist en dêrom is it ferskil tusken transindintaal en transindint fan wêzentlik belang.

Allinnich yn de twadde wrâld fan Kant, de wrâld dy't we as morele wêzens bewenje, de wrâld fan de praktyske rede, kinne we God en de siele wol berikke. Yn de morele praktyk, om ús morele hanneljen sinfol te meitsjen, moatte we neffens him oannimme dat we in ûnstjerlike siele hawwe en dat der in God is dy't dy siele beleannet mei in libben nei dit libben.

Kant syn natuer-frijheid-dualisme wie in antwurd op de driging fan it materialisme yn de Ferljochting, en dus fan it nihilisme, mar oare filosofen kamen mei oare antwurden. In wichtich alternatyf fine we yn de filosofy fan Rousseau. Ek Rousseau makke, sa kinne we opmeitsje út syn ferneamd boek *Emile*, in skeptyske krisis troch. Mar syn remeedzje foar dy krisis is net dualistysk en folslein rasjoneel, lykas dy fan Kant. By Rousseau stiet de minske as kennend, moreel en fielend wêzen yn deselde wrâld en dy wrâld beneamde er yn termen fan in natuerreligy. Dat is it oerbegjin en de kearn fan de romantyk: antwurd jaan op it materialisme, op de ûnttsjoening fan de wrâld, mei in sensitivistyske natuerreligy.

It antwurd fan Rousseau stie filosofysk sjoen neist dat fan Kant. Beide hiene se mei itselde probleem te kampen – dat fan it materialisme. It natuerreligieuze antwurd fan Rousseau hie in enoarme ynfloed. Wie dy romantyske natuerreligy no ek monistysk? Dy fraach is nijsgjirrich yn ferbân mei Postma syn ûnderstelde binning mei in monistysk filosofysk útsjoch. It antwurd is kompleks: Rousseau sels seit, fia syn sprekbuisk, de kapelaan fan Savoye, dat it him om in universele religy giet, dy't yn alle tiden itselde bleaun is. It is de religy dy't yn it hert fan alle minsken oanwêzich is. Ien boek is foar elk syn eagen iepenslein, en dat is '...celui de la nature', seit de kapelaan. 'C'est dans ce grand et sublime livre que j' apprends à servir et adorer son divin auteur.'¹² Yn dy formulearring binne God en it boek twa en binne se beide belangryk. En net allinnich mei de rede, ek mei it gefoel kinne we de oanwêzichheid fan God beneikomme.

De romantyske natuerreligy hinget faak oer nei it monisme, ek nochal ris nei it panteïsme, mar kin bytiden sels polyteïstyske trekken ferstoane. Tink oan de *Mei* fan Gorter, in boek dêr't Postma wei fan wie, dêr't ferskillende Germaanske goaden yn opfierd wurde. De romantyk hâldt altyd romte oer foar de sintúchlike wrâld, foar de natuer om ús hinne, lit ús sizze foar de blommen en de bergen, en foar de natuer yn ússels, dy fan ús sintúgen en ús gefoel. In typearjende sin út de romantyske literatuer is it 'He prayeth best

12. Rousseau, *Émile*, s. 378.

who loveth best/ All things both great and small,' út *The Rime of the Ancient Mariner* fan Samuel Taylor Coleridge, de grutte freon fan Wordsworth.¹³

Fansels wie de oerhearskjende filosofy fan de earste helte fan de njoggentjinde ieu, dy fan tinkers as Schelling en Hegel, fierhinne monistysk. Foar safier't dy tinkers weromgriepen op de filosofy fan Kant, ûntdiene se dy fan syn dualisme en fan syn ûngemaklike agnostyske twivel. Yn de filosofy fan Hegel fine we de absolute substânsje, it Ding an Sich fan Kant, werom yn de foarm fan in absolute geast dy't de skiednis trochgiet. Wat by Kant transindintaal wie, wurdt by Hegel transindint. Mar ek hy bewarre romte foar de sintúchlike wrâld, foar de natuer en de skiednis.

Net foar neat binne we sawol yn de romantyske literatuer as yn de iere njoggentjinde-ieuske filosofy tsjûge fan de rehabilitaasje fan Spinoza, in tinker dy't in monistysk wrâldbyld hantearret, mar tagelyk in geast-matearjedualiteit oereinhâldt. Der wie by Spinoza ien substânsje, mei twa waarnimberre attributen. Yn it systeem fan Spinoza hat de sintúchlike natuer dus in aparte status yn in monistysk totaalbyld. Ik neam Spinoza hjir omdat Postma nochal oer him te sprekken is yn syn úttreksel fan it boek *Lebensanschauung* fan de filosoof Simmel dat er om 1922 hinne makke.¹⁴

Postma set it tinken fan Spinoza dêr foar it kristendom oer en sprekt in foarkar út foar it spinozisme. Der rint ek in ynteressante line fan Postma nei Spinoza fia de neospinozist Fechner, dy't grutte ynfloed útoefene op de troch Postma bewûndere tinker Gerard Heymans.

Ik wol dêrmei net úthâlde dat Postma spinozist wie, mar wol dat er it spinozisme, lykas er sels nammers yn syn úttreksel fan Simmel oanjoech, as in besibbe en plausibele teory seach, dy't him goed ferienigje liet mei syn yn essinsje romantyske oriïntaasje.

4. De dichter as ferbiner

Wêrom wie dy njoggentjinde ieu yn earste opslach sa gek op de natuerreligy, mar ek sa gek op foarmen fan monisme, en wêrom levere dy safolle krytyk op it dualisme fan Kant? Ik tink dat dat ûngefear sa sit. Yn de kentory fan Kant springt it agnostyske en skeptyske aspekt nei foaren: Kant weeft ôf mei de Godsbewizen, hy tinkt boppedat dat it bestean fan in ivige siele net te bewizen is. En it kennen is by Kant in folslein rasjonele oangelegenheid. De twivel bliuwt by him sadwaande libbensgrut oanwêzich, de driging fan de materiële wrâld dy't it sûnder besieling stelle moat is syn tos-

13. Wordsworth en Coleridge, *Lyrical Ballads*, s. 78.

14. Skriften Obe Postma: nr. 51.

ken noch net kwyt. Yn it monisme fan in tinker as Hegel kin de minske syn twivels ta rêst komme litte, en dat kin er ek yn de natuerreligieuze romantyske poëzij, yn dat lêste gefal benammen mei it gefoel.

Hoe oantreklik dy natuerreligieuze poëzij wie, bewiisde ien fan de grutte filosofyske gelearden út 'e njoggentjinde ieu, John Stuart Mill. John Stuart Mill wie in wûnderbern. Al op syn tredde studearre er wiskunde en Gryksk en as seisjierrich jonkje lies er wurk fan minsken as Hume en Gibbon. Mar as jongfeint makke er in geastlike krisis troch, in swiere depresje. Dy krisis soarge der foar dat er ôfstân naam fan it utilisme fan Bentham, dus fan it folslein empirysk-rasjonalistyske tinken. It grutte kearpunt wie syn lektuer fan de gedichten fan Wordsworth. Yn syn *Autobiografy* seit er dêr it folgjende oer: 'What made Wordsworth's poems a medicine for my state of mind, was that they expressed, not mere outward beauty, but states of feeling, and of thought coloured by feeling, under the excitement of beauty.' En efkes dêrnei: 'From them I seemed to learn what would be the perennial sources of happiness, when all the greater evils of life shall have been removed.' Noch wer efkes letter: 'I needed to be made to feel that there was real, permanent happiness in tranquil contemplation.' Mill ferwiist spesjaal nei it gedicht 'Intimations of immortality' en seit dan oer Wordsworth: 'I found that he too had had a similar experience to mine; that he also had felt that the first freshness of youthful enjoyment of life was not lasting; but that he had sought for compensation, and found it, in the way in which he was now teaching me to find it.'¹⁵

Breuker fertelt yn in noat by syn ynaugurele rede dat Postma om 1920 hinne yn ien fan syn skriften in sin sitarret dy't blykber fan Mill is.¹⁶ En dat is de sin 'From them I seemed to learn what would be the perennial sources of happiness, when all the greater evils of life shall have been removed,' dy't ik hjirboppe oanhelle ha. Postma hat dus wierskynlik Mill syn autobiografy lêzen. Breuker seit yn syn noat dat dat 'belangrijk is in verband met de anti-socialistische gedichten' fan Postma, omdat Mill in sosjale herfoarmer wie. Ut de *Autobiografy* fan Mill kinne we opmeitsje dat dat yndied kloppet en sels dat Postma him mooglik ynspirearre litten hat troch it boek. Mill skriuwt dêr mei safolle wurden dat soasjale herfoarmingen op rasjonele basis it lok fan de minske net hielendal bepale kinne.

En Wordsworth sels hie yndied in fergelykber proses trochmakke. Dy wie yn earste ynstânsje in politike radikaal en in foarstanner fan de Frânske

15. Mill, *Autobiography*, ss. 121-122.

16. Breuker, *Obe Postma als auteur van het sublieme*, ss. 41-42.

revolúsje. Yn de jierren 1791 oant 1792, dus yn de begjinjierren fan de revolúsje, wenne er sels in jier lang yn Frankryk en sette er him aktyf yn foar de revolúsjonêre saak. Mar de Terreur fan Robespierre betsjutte foar him, lykas foar safolle oaren, in geweldige desyllúzje. Hy fûn tydlik filosofysk ûnderdak by William Godwin, dy't in maatskiplike herfoarming op folslein rasjonalistyske en ateïstyske basis foarstie. Mar nei ferrin fan tiid kearde er him ek fan Godwin ôf. Mei syn freon Coleridge naam er syn taflecht ta de natuer, om him troch dy natuer genêze te litten fan de wûnen dy't er oprûn hie.

Wordsworth fûn yn 'e natuerûnderfining wat de politike striid en it rasjonalistysk ateïsme fan Godwin him net jaan koene: ferfolling foar syn hiele minskewêzen, spirituele rêst. Yn syn poëzij tsjûge er dêrfan. Yn it kaaifers *Tintern Abbey* dichte er:

And I have felt
A presence that disturbs me with the joy
Of elevated thoughts; a sense sublime
Of something far more deeply interfused,
Whose dwelling is the light of setting suns,
And the round ocean, and the living air,
And the blue sky, and in the mind of man:
A motion and a spirit, that impels
All thinking things, all objects of all thought,
And rolls through all things.¹⁷

Tink hjir om dat 'And I have felt,' dêr't de passazje mei iepenet. It gefoel jout ús tagong ta it transindinte.

Wordsworth fûn spirituele rêst en besieling yn de natuer en yn syn poëzij lei er dêr tsjûgenis fan ôf. Hy miende ek dat dat de taak wie fan de poëzij en dat dy as sadanich fan krusiale betsjutting wie. Yn it foaropwurd by de *Lyrical Ballads* skriuwt er dat de poëzij wat dat oangiet mear koe as de wittenskip en hy formulearret dat sa:

Poetry is the breath and finer spirit of all knowledge; it is the impassioned expression which is in the countenance of all Science. Emphatically may it be said of the Poet, as Shakespeare hath said of man, 'that he looks before and after.' He is the rock of defence of human nature; an upholder and preserver, carrying every where with him relationship and love. In spite of difference of soil and climate, of language and manners, of laws and customs, in spite of things silently gone out of mind and

17. Wordsworth en Coleridge, *Lyrical Ballads*, s. 159.

things violently destroyed, the Poet binds together by passion and knowledge the vast empire of human society, as it is spread over the whole earth, and over all time. The objects of the Poet's thoughts are every where; though the eyes and senses of man are, it is true, his favorite guide, yet he will follow wheresoever he can find an atmosphere of sensation in which to move his wings. Poetry is the first and last of all knowledge – it is as immortal as the heart of man.¹⁸

De dichter kin wat dat de wittenskipper net kin: hy kin útdrukking jaan oan it besieljende ferbân en sa sels fungearje as besieljende ferbiner, as de figuer dy't de minsklike wrâld by elkoar hâldt. Dat is poetikaal, it seit wat oer de rol fan de poëzij, mar it is fansels ek kultuer- en libbensfilosofy. Wordsworth jout oan dat de poëzij ûnmisber is foar de minske omdat allinnich dy de ierde, de skiednis en de minsken by elkoar bringe kin.

No is it aardich om hjir even in sydspronkje te meitsjen nei Amearika. De filosoof Ralph Waldo Emerson liet him ynspirearje troch Wordsworth en syn romantyske konsorten en kaam, sa't er yn syn essay 'The Poet' skreau, ta in fergelykbere konklúzje. Hy skreau dêr: 'The poet is the person in whom these powers are in balance, the man without impediment, who sees and handles that which others dream of, traverses the whole scale of experience, and is representative of man, in virtue of being the largest power to receive and to impart.'¹⁹ Emerson wie foar Obe Postma net sa fier ôf. Dy syn goede freon Tsjitse de Boer publisearre yn 1934 in boek oer de Amearikaanske tinkers en wijde in hiel haadstik oan Emerson. Emerson sil foar Postma ek foar dy tiid wol gjin ûnbekende figuer west hawwe. It is de muoite wurdich om ek by dat haadstik fan De Boer even stil te stean. Emerson, sa skriuwt De Boer, socht oansluting by de iere romantyske dichters út Ingelân en ek by harren platonisme. Hy leaude yn it bestean fan in godlike, suvere geast dy't boppe de natuer en de minsklike sielen útsticht: 'In onderscheiding van de enkele zielen,' lêze we dan, 'wordt Hij ook genoemd de eeuwige Wereldziel of de Opperziel ('the Oversoul'). Deze God nu is in alles, in de wereld, in den mensch, in de geschiedenis der mensheid.'²⁰ Soe Emerson ien fan de ynspiraasjeboarnen west hawwe foar Postma syn Al-siele-begryp? Unmooglik is dat net. It jout yn alle gefallen oan dat it begryp al sûnt de tiid fan de Romantyk yn 'e loft hong.

18. Idem, s. 302.

19. Emerson, *Selected Essays*, s. 261.

20. De Boer, *Amerikaanske denkers*, s. 75.

5. *In spiritueel ûnderdak*

Postma begûn serieuus mei dichtsjen om 1900 hinne, al hie er al sûnt de middelbere skoallejierren niget oan dichtsjen hân en publisearre er ek yn syn studintetiid al ris wat yn almenakken. It dichtsjen siet der dus echt yn by him, mar it waard om 1900 hinne in djipper ferlet. En dat ferlet folge op in oar ferlet, nammentlik it ferlet om him te ferdjipjen yn filosofy en psychology. Dat die er al fan ûngefear 1898 ôf. Postma hie natuer- en wiskunde studearre en hy wie yn 1895 promovearre by Van der Waals. De stúdzje wie him, sa fernijt Breuker ús yn syn biografy, sûnder dêr fierder arguminten foar te jaan, wat ôffallen. Postma hie yn dy stúdzje socht nei ‘het wezen der dingen’, mar dat hie er net benei komme kinnen. Dêrom begûn er yn de filosofy en de psychology te studearjen. Fan folsleine desyllúzje wie trouwens gjin sprake. Postma stribbe noch altyd nei in karriêre yn dy natuerwittenskippen en publisearre fakwittenskiplike artikels oant 1919 ta. Mar dat de natuerwittenskip allinnich him net befredigje koe, wie dúdlik. En ik tink ek dat syn gruttere dichtersaktiviteit mei syn belangstelling foar de filosofy en de psychology te ferbinen is. Postma wie in siker, hy socht nei it wêzen fan de dingen. Mar wat betsjut dat? Dat moatte we ek yn de kontekst besjen fan it ôfskied dat er al frij jong naam fan it kristendom. It giet by dat sykjen om mear as allinnich it sykjen nei antwurden op kennisfragen. It giet net allinnich om it sykjen fan it ferstân, mar ek om dat fan it hert en de siele. It giet by einsluten om it sykjen nei in spiritueel hâldfêst, dus nei de rêst yn it transindinte.

Yn dat ramt moatte we, tink ik, syn iere poëzij besjen. Postma socht nei in spiritueel hâldfêst en fûn dat yn de sublime ûnderfining, yn it oerweldigjende loksgefoel dat er troch oantinkens út syn jeugd of direkte natuerûnderfiningen hawwe koe. Net om 'e nocht wurdt dy ûnderfining faak ferbûn mei in snein. Tink mar ris oan it gedicht ‘Pinkstersnein’:

Wat ierdske wille komt soks benei?
O hillige Pinkstersnein!
It heechste lok is op my saaid
En de himmel iepenlein²¹

Dêrby wurdt it lok oproppe troch it greidelân mei blommen. Of tink oan 't snein', dêr't it fannijs giet om de natuer, om it fjild, de blommen en de miggen dy't in grut loksfielen oproppe. De snein: dat wie by âlds de dei fan de spirituele rêst, en neidat er it kristendom farwol sei bleau dy dei bysûnder

21. Postma, *Samle fersen*, s. 15.

foar him. It wie de dei dat it oantinken oan it âlde kristlike leauwe it sterkst oanwêzich wie, de dei dat er syn gemis oan it âlde leauwe it sterkst fielde, en dus ek de dei dat in substitút it needsaaklikst wie. Net om 'e nocht setten de sublime mominten him samar oan om wurden as hillich, ivich en himel (by Postma steefêst 'himmel') te brûken.

Opmerklik is de parallel mei Wordsworth en Mill: krekt as dy twa hie Postma sels net genôch oan de rasjonele wittenskip en krekt as dy twa, en grif ynspirearre troch Wordsworth, fûn er in earste spirituele ûnderkommen by dat sneinske loksgefoel dat mear wie, ferhevener wie, as in loksgefoel allinnich.

Iere romantyske dichters as Wordsworth, en yn harren sok tinkers as Emerson, kenden, lykas ik al oanjoech, de poëzij in bysûndere rol ta. Wordsworth miende dat de dichtkeunst de rol hie fan de ferbiner. Dy wie foar him, lykas ik al sei, 'the impassioned expression which is in the countenance of all Science' en de 'first and last of all knowledge'. Emerson neamde de dichter dejinge dy't it hiele spektrum fan de ûnderfining bestrykt. En ek fandatoangeande stie Postma yn de fuotleasten fan de romantisy. Treffend, as we it hawwe oer de 'besiele útdrukkung op it antlit fan de wittenskip', is it gedicht 'It ljocht', troch Postma sels oantsjuten as in 'natuerwittenskiplike gedicht'. Hoe dúdlik is er yn dat gedicht net dwaande om natuerwittenskiplike wierheid te ferbinen mei it algemien-minsklike, en ek om dy wierheid besieling te jaan:

It ljocht it moaist op ierd'? It is it libben sels,
De krêft dy't alles driuwt!
De heechste God komt neier; wat is grutter feest?²²

Yn earste ynstânsje seach er himsels noch foaral ek, lykas de bruorren Halbertsma, as de ferbiner fan Fryslân en it Fryske folk, as de man dy't it Fryske libben fertolkje moast. Tink mar ris oan foarlêste rigel fan dat sfearfolle fers 'Hjerst', dat er frij betiid publisearre, yn 1909: 'O, 't folts yn my te witten, dy it kin en draach!²³ Of oan de slotstrofe fan it fers 'Yn 'e ûngetiid':

En tink er, myn bidders, tink er om,
Hy is fan jimm' eigen sibben,
En wat by syn dreamen hy foar him sjocht,
Dat is wat jimme belibben!²⁴

22. Idem, s. 74.

23. Idem, s. 31.

24. Idem, s. 35.

De poëzij ferieniget Fryslân, hy ferieniget de blydskip fan de jeugd mei dy fan it no, mar hy docht bytiden ek mear as dat. Yn it fers ‘Op har terp’, út 1916, wurde simmer en winter fan it boerebedriuw by elkoar brocht, ek yn in sublimearjende sfear: ‘Mar al it bliere/ Fan jierre-omgong kaam hjir gear.’²⁵

Dat de ferienigjende krêft fan de dichter mear bestrykt as Fryslân en it boerebedriuw, wurdt ek al gau dúdlik. Sa ferbynt Postma yn it fan 1909 datearjende fers ‘Pinksterbesiik’ syn fielen en dichtsjen mei in gâns wider berik:

Dit is it suverst lok: de tinzen gean te litten
Ut farkjen sûnder hâld,
En fan it libben yn him sels te fielen
Fan heel de wrâld.²⁶

Heel de wrâld: dat stiet net fier ôf fan it eachweid fan Wordsworth, dy’t fan de dichter sei, ik werhelje it noch mar ris, dat dy ‘door hartstocht en kennis het ontzaglijke rijk van de menselijke samenleving bijeen[bindt] zoals dat zich over de hele aarde in de loop der tijden heeft verbreid’. De dichter sprekt yn it fers ‘Myn hûs’, dat fan 1916 is, fan twa ruten. It iene sjocht út op ’e stêd, it oare op it wide fjild. Mar yn wêzen sjogge se út op de hiele wrâld en op alle tiden. Oer it stêdslibben seit er bygelyks:

Want tûzen skûten brochten
Wat d’ ierde joech [...].
En troch ’e loften trilje lûden fan in fiere tiid.
O machtich wêzen,
Hoe jout him alle ieuwen’ wûnder yn dy iepen!²⁷

Ek al rillegau treffe we yn syn fersen de kombinaasje oan fan, oan ’e iene kant, dy beskieden hâlding fan de man dy’t syn plak kin, mar oan ’e oare kant selsbewust oer de macht fan syn fielen en dichtsjen praat: fergelykje yn it fers ‘Myn bestean’ bygelyks de earste strofe mar ris mei de twadde en de tredde:

Ik bin mar sljochtwei master yn ’e stêd
En doch wat de dei my jout;
Ik haw gjin diel oan ’t grutte wurk
Dat wrâld syn foarmen bout.

25. Idem, s.63.

26. Idem, s. 73.

27. Idem, s. 89.

Mar oan alle fielen haw ik part
En licht ferweecht it moed;
Nei 't fiere blau de siele rikt
Nei d' ierde giet it bloed.

Sa kin ik sjonge foar freon en folts
Fan ierde en 't hege ljocht;
En fan wat siele en sinnen lûkt
Haw 'k yn myn sangen brocht.²⁸

6. *Bewegung in die Transzendenz*

De dichter en de minske hie it al oanfield, dat de hiele wrâld foar him iepenlei, en om 1922 hinne fûn er foar 't neist de befestiging foar dy yntuysje doe't er it boek *Lebensanschauung* lies fan Georg Simmel. Georg Simmel wurdt as filosoof ornaris ta de libbensfilosofen rekkene, yn de tradysje fan Henri Bergson. De bining tusken Postma en de libbensfilosofy wurdt noch wolris ûnderskatten: en dat wylst Postma sels noch yn in fers út 1951 wakker beard hat fan Bergson syn 'skeppende evolúsje'-idee, yn it fers 'By de dea fan G.B. Shaw'. Hy seit er dat dy idee 'de sielen ferfolje/ En de slachten [...] besterkje [kin] om dizze tiids ellinde te dragen.'²⁹ Lit ús net ferjitte dat de libbensfilosofy fan Bergson de metafysika foar de wittenskip oer sette en dêrmei in modern ferfolch joech oan in âld romantysk motyf.

Postma makke in úttreksel fan Simmel syn *Lebensanschauung* en yn dat úttreksel hat er it oer it geastlik libben fan de minske dat boppe himsels útstiicht, dat himsels transindearret. Ik sitearje in sprekke alinea út dat úttreksel. Dútske sitaten wurde yn syn úttreksel ôfwiksele mei sinnen yn Nederlânske oersetting:

Dat wij deze mogelijkheid kunnen denken [it giet hjir om de mooglikheid om jins eigen grinzen te tinken JV], is weer een gaan van geestelijk leven buiten zichzelf. Dat wij de eenzijdigheid (b.v. der groote filosofen) weten, als principieele noodzakelijkheid, stelt ons boven hen. 'Dass wir unser Wissen und Nichtwissen selbst wissen und auch dieses umgreifende Wissen wiederum wissen und so fort in das potentielle Endlose – dies ist die eigentliche Unendlichkeit der Lebensbewegung auf der Stufe des Geistes.' 'Mit dieser Bewegung in die Transzendenz seiner selbst erst zeigt sich der Geist als das schlechthin Lebendige.'³⁰

28. Idem, s. 93.

29. Idem, s. 307.

30. Skriften Obe Postma: nr. 51.

Hoe goed slute dat net oan by wat Postma yn syn poezij al ûntdutsen hie en hoe goed ek by wat de âlde romantyske dichterstradysje him leard hie! Tink hjir wer om it gebrûk fan it wurd ‘transindint’. De minske kin yn syn tinken de eigen grinzen oergean, hy kin syn net-witten en syn witten sels ynsjen en oersjen. En as sadanich docht er net ûnder foar de grutte filosofen, de grutte geasten, en, sa sis ik dêr by, foar de grutte dichters. Nijsgjirrich is hjir dat Simmel it algemien-minsklike fermogen om boppe jinsels út te gean oer de ôfsûnderlike fermogens stelt. Krekt boppe dit sitaat lêze we: ‘Niet alles van de wereld kan in vormen van de kunst; niet alles in religie; zo min alle gegevens in vormen of kategorien van erkennen.’ (‘Kategorien’ en ‘erkennen’: hjir brûkt Postma soms it Dútske wurd of de Dútske stavering) It kennen, de religy, de keunst sjitte úteinlik tekoart, de minske is grutter as dy spesjalismen.

Yn it Simmel-úttreksel komt de natuerwittenskip noch spesjaal op it aljemint, of wat kreker sein de wittenskiplike technology. De fjirrekiker, de teleskoop en de mikroskoop wurde neamd, as wichtige ynstruminten. Mar dy ynstruminten ferbrekke ús harmoany mei de wrâld, lêze we, sadat wy ‘een wereld hebben die niet meer de onze is’.

De minske sels, sa folje ik oan, moat dy harmoany weromwinne. En yn Postma syn wrâldbyld is der yn alle gefallen ien spesjalisme, ien keunstfoarm, dêr’t de minske it besef fan syn eigen begrinzigen en dus syn transindint fermogen by útstek yn ferwurdzje kin. Dat iene spesjalisme is de poëzij. En no binne we tichte by de kearnboadskip fan dat kaaifers ‘Wat de dichter witte moat’. De dichter út dit fers beseft dat er yn in begrinzge wrâld libbet, dat er ‘opwoechs yn de ôf-te-eagjen libbensmienkip fan it doarp’, dat er ‘de nachten net koe, dêr’t Rilke fan spriek’ en ‘net nêst de frou wie as hja it libben brocht’. Mar hy wit ek dat alle minsken, en alle tinkers en dichters, hoe grut se ek binne, sokke tekoarten hawwe. Sels de grutte Rilke syn witten hat in beheinde omfieming, sels hy wit guon dingen en oare dingen net. It giet der foar ús allegear om, yn de wurden fan Simmel, dat ‘wir unser Wissen und Nichtwissen selbst wissen und auch dieses umgreifende Wissen wiederum wissen und so fort in das potentielle Endlose’. De dichter fan ‘Wat de dichter witte moat’ libbet yn dat besef, en wit dêrom dat er neist Rilke stiet, grutsk en selsbewust, dat er krekt as Rilke libbet yn in beheinde wrâld mar útsjoch hat op it ûneindige. De dichter sprekt hjir net allinnich as dichter, mar ek as libbensfilosoof en spiritueel riedsman. Hy wit genôch:

En, o, as er de nachten net binne, sa binn ’er de dagen
Mei de leafde fan ’e ljochte himmel
En al ierde ’waarme gloede!

US WURK LXXIII (2024), p. 47

En as de frou er net is dy't it libben tôle,
Sa is er de mem, dy't it jimmer jaan sil,
Siele, dy't slachten omfettet.³¹

Castricum
veenbaas@planet.nl

31. Postma, *Samle fersen*, s. 168.

BIBLIOGRAFY

- Boer, Tj. de, *Amerikaanske denkers*, De erven F. Bohn N.V., Haarlem, 1934.
- Breuker, Ph., *Dreaun fan ierde' dream. Libben en wurk fan Obe Postma*, Obe Postma Selskip & Utjouwerij Wijdemeer, Ljouwert, 2018
- Breuker, Ph., *Obe Postma als auteur van het sublieme*, Inaugurale rede UVA, Fryske Akademy, Ljouwert, 1996.
- Emerson, R.W., *Selected Essays*, redactie en inleiding Larzer Ziff, Penguin Books, Harmondsworth, 1987.
- Kant, I., *Kritiek van het oordeelsvermogen*, Ten geleide, vertaling en annotaties Jabik Veenbaas en Willem Visser, Boom, Amsterdam, 2009.
- Mill, J.S., *Autobiography*, Red. John M. Robson, Penguin Books, Londen, 1989.
- Postma, O., *It sil bestean. Blomlêzing*, Gearstalling en ynlieding Abe de Vries, Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert, 2004.
- Postma, O., *Samle Fersen*, Mei in ynlieding fan Philippus Breuker, besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, 2005.
- Postma, O., *Selected Poems (in Frisian, English and Dutch)*, Ingelske oersettingen Anthony Paul, foaropwurd en Nederlânske oersettingen Jabik Veenbaas, Tresoar/ Obe Postma Selskip/ Wijdemeer, Ljouwert 2018.
- Postma, O., *Skriften Obe Postma: OPS, 200-03*, Tresoar.
- Rousseau, J.-J., *Émile ou de l'Éducation*, red. François et Pierre Richard, Éditions Garnier, Parys, 1951.
- Steenmeijer-Wielenga, T., Meer, G. van der, *In libben dat bloeide nei syn aard*, Elikser, Ljouwert, 2017.
- Veenbaas, J., 'Trije stúdzjes oer Obe Postma', *Us Wurk* 69 (2020), 171-178.
- Wordsworth, W., and Coleridge, S.T., *Lyrical Ballads*, Red. R.L. Brett en A.R. Jones, Routledge, Abingdon, 1991.
- Wordsworth, W., *Complete Poetical Works*, red. Thomas Hutchinson, revised by Ernest de Delincourt, Oxford University Press, Oxford, 1936.